# PARSEBERJOCHT

12 july 2016

# Wêr treffe wy inoar dizze simmer?

Simmer yn Fryslân: fan 18 july ôf

**Rûnom yn de provinsje kinne jo Omrop Fryslân tsjinkomme dizze simmer. Fan 18 july oant en mei 4 septimber is it simmergefoel werom te finen yn de programmearring fan Omrop Fryslân. Fan in barbecue yn de eftertún oant it FK fierljeppen, de Omrop is mei Simmer yn Fryslân safolle mooglik bûtendoar om ferslach te dwaan fan alles wat der spilet.**

Moai fuort

Omrop Fryslân giet 'moai fuort' dizze simmer. Sân wiken lang, sân dagen yn de wike, toere de ferslachjouwers fan de Omrop mei de camper troch hiel Fryslân. Hawwe jo in tip oer wêr't de camper hinne ride kin? Reagearje op de oproppen dy't online en yn de ferskillende radioprogramma's dien wurde. De Omrop dompelet har ûnder yn de belibbing fan de dei en makket live bydragen foar radio, telefyzje en online.

Festivette

Mei Festivette kin elkenien mei feeste mei de festivals rûnom yn de provinsje. In team fan entûsjastelingen is dizze simmer te finen op ferskate festivals: fan in metalfestival by de Aldehou oant in geheimsinnich hippyfeest by de Griene Stjer. Foar, op en nei de festivals is op social media in ferslach te finen mei foto's, filmkes en live-ynterviews.

Fryslân yn 360 graden

De wrâld yn 360 graden, 'ús Fryslân' yn 360 graden. Dat is wat Omrop Fryslân dizze simmer yn kaart besiket te bringen. Op Omropfryslan.nl/simmer kinne minsken yn 360 graden foto's en filmkes fine fan it Fryske lân en de simmereveneminten. Sa kinne jo bygelyks oan board fan in skûtsje stappe of it keatsen meibelibje.

Alle pikefelmominten live

It skûtsjesilen, de PC, it FK fierljeppen en oare sporten. Fan it iene pikefelmomint yn it oare. De topsporters hawwe mar ien doel dizze simmer: winne! De Omrop hat ek mar ien doel dy wiken: de wedstriden fan de Fryske sporten sa goed mooglik folgje en live ferslach dwaan mei rom omtinken foar de útslaggen en ynterviews mei de sporters.

Mear ynformaasje oer Simmer yn Fryslân 2016 is te finen op Omropfryslan.nl/simmer.

---

**Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT
12 juli 2016

# Waar treffen wij elkaar deze zomer?
Simmer yn Fryslân: vanaf 18 juli

**Overal in de provincie kunt u Omrop Fryslân tegenkomen deze zomer. Van 18 juli tot en met 4 september is het zomergevoel terug te vinden in de programmering van Omrop Fryslân. Van een barbecue in de achtertuin tot het FK fierljeppen, de Omrop is met Simmer yn Fryslân zoveel mogelijk buiten de deur om verslag te doen van alles wat er speelt.**

<u>Moai fuort</u>
Omrop Fryslân gaat 'moai fuort' deze zomer. Zeven weken lang, zeven dagen per week, toeren de verslaggevers van de Omrop met de camper door heel Fryslân. Heeft u een tip over waar de camper naartoe kan rijden? Reageer dan op de oproepen die online en in de verschillende radioprogramma's worden gedaan. De Omrop dompelt haar onder in de beleving van de dag en maakt live bijdragen voor radio, televisie en online.

<u>Festivette</u>
Met Festivette kan iedereen mee feesten met de festivals overal in de provincie. Een team van enthousiastelingen is deze zomer te vinden op verschillende festivals: van een metalfestival bij de Oldehove tot een geheimzinnig hippiefeest bij de Groene Ster. Voor, op en na de festivals is op social media een verslag te vinden met foto's, filmpjes en live-interviews.

<u>Fryslân in 360 graden</u>
De wereld in 360 graden, 'ús Fryslân' in 360 graden. Dat is wat Omrop Fryslân deze zomer in kaart probeert te brengen. Op Omropfryslan.nl/simmer kunnen mensen in 360 graden foto's en filmpjes vinden van het Friese land en de zomerevenementen. Zo kunt u bijvoorbeeld aan boord van een skûtsje stappen of het kaatsen meebeleven.

<u>Alle kippenvelmomenten live</u>
Het skûtsjesilen, de PC, het FK fierljeppen en andere sporten. Van het ene kippenvelmoment naar het andere. De topsporters hebben maar een doel deze zomer: winnen! De Omrop heeft ook maar een doel deze weken: de wedstrijden van de Friese sporten zo goed mogelijk volgen en live verslag doen met veel aandacht voor de uitslagen en interviews met de sporters.

Meer informatie over Simmer yn Fryslân 2016 is te vinden op Omropfryslan.nl/simmer.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.